

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Kielstra Underwerp: ferkeap fersmoarge grûn
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	Op 8 maaie 2019 hawwe de hûnesportferienings 'De Doordouwers' op 'e Tynje en 'De Vluchtsprong' in petysje stjoerd oan Provinsjale Steaten. It giet oer de foarnommen ferkeap fan harren oefenterrein troch de provinsje. Neffens sizzen meitsje de ferienings al 24 jier gebrûk fan dit lân. It giet om in earder slibdepot oan de Hanebuert op 'e Tynje. De grûn soe fersmoarge wêze en troch de provinsje as lânbougrûn oanbean wurde neffens de ferienings. By de foarnommen ferkeap soene it oefenterrein en de oanwêzige opstallen ferdwine moatte (1).
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Kloppet it dat hjir sprake is fan in terrein mei fersmoarge boaiem?2. Kin de provinsje in fersmoarge terrein sûnder foarôfgeande boaiemsanearring oanbiede as lânbougrûn? Graach jo útlis.3. Hoe sjocht it Kolleezje it fierdere trajekt no mei dizze foarnommen ferkeap fan provinsjale grûn en hoe tinke jim de belangen fan de hûneklups as langjierrige brûkers hjiryn in plak te jaan?4. Kloppet it dat dizze kasus ûnderdiel is fan it provinsjale projekt t'en oansjen fan it belied om 'ûneigentlik' gebrûk fan provinsjale grûn op de wâlkanten werom te kringen? (2)5. Sa ja, binne der yn dit belied mear 'maatskiplike' organisaasjes / brûkers lykas sokke ferienings oan it ljocht kaam? Wolle jo dit foar de Steaten ynsichtlik meitsje?
	(1) Omrop Fryslân, 6 maart 2019 (2) LC, 15 maaie 2019

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sijbe Knol
---------------	--

Datum	15 maaie 2019
-------	---------------